

**NIJSBRIEF & JIERFERSLACH oer 2009**

→091231 [2] FFU

Ynlieding

Foar ús bestjoer hat it in bannich jier west. Troch nau op te arbeidzjen mei Renze Valk (skriuwer *RfdFB*), Jaap van der Bij (foarsitter *RfdFB*), Pier Bergsma (foarsitter *Pedagogysk Wurkferbân FA*) en Reinier Salverda (direkteur-bestjoerder FA) hawwe wy in wiidweidich 'Oanfalsplan Frysk' (stiet op ús webstek (www.fryskebeweging.nl/ffu) skreaun en mei harren de grûnslach lein foar benammen aksjes yn de rjochting fan de Provinsje Fryslân, ek yn 2009. Wy hoopje dat soks ympulzen jout oan it ferbetterjen en fersterkjen fan it plak fan it Frysk yn it hiele ûnderwiis en yn oare maatskiplike domeinen.

It is ús spitigernôch noch net slagge om genôch help te mobilisearjen om in *Fryske Underwiispriis* fan 'e grûn te helpen. Us opproffen dêrta hawwe noch gjin fertuten dien. En as bestjoer binne wy te minmachtich om in protte saken tagelyk te organisearjen. Boppedat moatte wy goed op 'e sinten passe. Wy binne gjin rike feriening en krije gjin subsydje. De bestjoersleden krije yn prinsipe allinnich in lytse fergoeding foar harren reiskosten. Omdat benammen foarsitter en skriuwer in protte op 'en paad binne foar de *FFU*, binne dat de wichtichste ûnkosten. Wy binne der dan ek tige wiis mei dat der noch altiten leden binne, dy't wat mear oermeitsje as de wenstige €10,-. Lju dy't ús in bedrach 'skinke' wolle, en dat ôflûke wolle fan belesting, kinne dat it bêste dwaan troch dat oer te meitsjen op de rekken fan de *Ried fan de Fryske Beweging* (rekkenûmer 1123454, o.n.f. *Ried fan de Fryske Beweging, Ljouwert*, mei dúdlik de fermelding 'ornearre foar de FFU'). De Ried soarget dan dat it wer op ús *FFU*-rekken oermakke wurdt. De Ried is erkend as ANBI (*Algemeen Nut Beogende Instelling*). It ledejild kin oermakke wurde op 2356038, o.n.f. *FFU Feriening Frysk Underwiis, Beetsterweg 5, 9244 GC Beetsterzwaag*.

A. Bestjoer

It bestjoer bestie oan it begjin en oan de ein fan 2009 út: Th. Dykstra (foarsitter), S.T. Hiemstra (skriuwer en fise-foarsitter), Ed Knotter (pongjâlder en twadde notulist gearkomsteferslaggen), Th. van der Veen (earste notulist gearkomsteferslaggen), G. Gerbrandy. It gat yn ús bestjoer dat fallen is nei it ferstjerren fan ús skathâlder Rindert Straatsma, hawwe wy net opfolje kind, al hawwe wy yn 2008 al kontakt hân mei immen dy't in sit oer in jiermannich faaks oannimt, mar dat no omreden fan drokte, noch net kin. Der is sadwaande noch altiten in fakatuere dêr't yn foarsjoen wurde moat en fersterking mei noch in bestjoerslid is altiten wolkom. Wy sykje minsken dy't in goed en ferantwurde plak fan ús taal yn it ûnderwiis neistribje wolle om yn oparbeidzjen mei oaren alle ynformaasje oer it Frysk as doel en middel te sammeljen en kreatyf om te setten yn konkrete aksjes. Juridyske belangstelling is in pree.

Ein 2009/begjin 2010 is der kontakt ûntstien mei Corlienke de Jong dy't har op it *Friesland College* (middelber beropsûnderwiis, ROC) mei it Frysk dwaande hâldt. Wy hoopje mei har ta in foarm fan oparbeidzjen te kommen. Yn it mbû moat it Frysk neffens de FFU in foar eltse learling ferplichte fak wurde, lykas dat mei Nederlânsk en Ingelsk ek it gefal is. Boppedat moat it Frysk dêr (mei) as fiertaal brûkt wurde.

Wy hawwe ek ferlet fan minsken dy't bûten it bestjoer meiwurkje wolle oan it sinjlearjen fan misstannen yn it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer dy't oanpakt wurde moatte (swartboek-gefallen) en dêrfoar aksje fiere wolle en fan minsken dy't der mei ús foar soargje wolle dat der in ûnderwiispriis komt foar minsken en organisaasjes dy't it Frysk tige befoarderje (wytboek-gefallen).

Yn 2009 kaam it bestjoer 10 kear gear, almeast by Klaske Straatsma te Ljouwert, dy't ús altiten tige let en set. Data: 28 jan., 25 febr. (te Gau), 4 april, 6 maaie (op 'e Sweach), 3 juny, 7 july (te Drachten), 26 aug., 4 nov. (jiergearkomste op 'e Jouwer), 18 nov., 23 des.

Yn de taakferdieling binnen it bestjoer is net folle feroare. Dykstra fertsjintwurdiget de *FFU* yn de *Ried fan de Fryske Beweging*. Ein 2007 is Hiemstra foar de *Fryske Rie*, dêr't er bestjoerslid fan is, wer yn de *Ried fan de Fryske Beweging* beneamd nei't de *Fryske Rie* him yn 2007 oansletten hie by de *Ried fan de Fryske Beweging*. Earder wie Hiemstra ek fertsjintwurdiger fan de *FFU* yn de *Ried fan de Fryske Beweging*. Dykstra sit foar de *FFU* yn it *Grut Oerlis Oer Frysk Yntegraal* (GOOFY), in oerlisorgaan (oprjochte yn 2003) fan Frysksinige organisaasjes dy't better mei-inoar gearwurkje wolle; Hiemstra is syn ferfanger (twadde man). Hiemstra sit ek yn de wurkgroep *Frysk en Logopedy* (gearkomste op 15-04-2009) om nei te gean hokfoar Frysktalich *test* materiaal oft der ûntwikkele wurde moat. Dy wurkgroep hat jierrenlang funksjonearre as provinsjale wurkgroep, mar is ein 2008 oergongen nei de Fryske Akademy, omdat de Provinsje, sûnder dêr in reden foar te jaan, dermei opholden is en de leden dochs in taak seagen op it mêd fan testen en toetsen. Dat de wurkgroep trochgiet, is ek yn it belang fan de *FFU*, benammen as it wurk ferbrede wurde kin ta Frysktalige *toetsings*smiddels foar it ûnderwiis. Der binne ûnderwilens al aardich wat Frysktalige logopedyske ynstruminten ûntwikkele foar bern en grutte minsken en der is noch it ien en oar ûnderweis. Gerbrandy fertsjintwurdiget ús yn de Nederlânske Kommisje fan it *EBLT* (it *Europeesk Buro foar Lytse Talen*). Hiemstra wie syn ferfanger by ôfwêzigens, mar is ein 2007 yn it *EBLT* beneamd as fertsjintwurdiger fan de *seksje Frysk fan Levende Talen* (*VLLT*), dêr't er bestjoerslid fan is en ek foar yn it (lanlik) *VLLT*-haadbestjoer sit. Hiemstra is troch de *FFU* (en de *Fryske Rie*) yn dit ferslachjier boppedat beneamd yn de noch op te rjochtsjen redaksjeried fan *Swingel*.

B. Jiergearkomste

Op woansdei, 4 nov. 2009 hat de *FFU* syn jiergearkomste hân yn 'It Haske' op 'e Jouwer, dêr't foarôfgeand in Tomke-symposium organisearre waard troch de Afûk en oaren. Wy hopen dêrmei wat mear leden te lokjen nei ús jiergearkomste. Dat is spitigernôch net slagge. Faaks dat in kombinaasje mei in stúdzjedei fan de seksje Frysk fan *Levende Talen* mear foar de hân leit.

It ferslach fan de jiergearkomste fan 11 nov. 2008 wurdt nei feroarings fan in pear lytse staveringsflaters goedkard. De fuortgong mei ús 'Oanfalsplan Frysk', ús aktiviteiten yn de rjochting fan de stjoergroep Hoekstra en in eventuele *Fryske Underwiispriis* hawwe op it aljemint west. Mei tank oan de kaskommisje waard it foarlizzende finansjeel jieroersjoch (2008) goedkard en ús ponghâlder, Ed Knotter ûntlêstge. Foar 2009 sil Jannes van der Velde fan De Rottefalle (earste kear) en Koop Scholten fan De Wylgen (2de kear) frege wurde. It (konsept-)ferslach fan ús jiergearkomste yn 2009 is ek op ús webstek te finen.

Alle jierferslaggen en de ferslaggen fan de jiergearkomsten fan de lêste jierren binne oan te klikken op ús webstek by *Ferslaggen bestjoersgearkomsten*.

C. Kontakten

*Oan te klikken op ús webstek

1. Organisaasjes en persoanen

- Gearkomsten wurkgroep 'Oanfalsplan Frysk', Ljouwert (P. Bergsma [Ped. Wurkferbân FA], J. van der Bij (RfdFB), T. Dykstra (FFU), S.T. Hiemstra [FFU], R. Salverda (FA), R.W. Valk (RfdFB)): 8 jann., 14 jann., 22 jann., 11 maaie (prioritearring oanbefellings taalbelied oan de kommisje B & M), 22 des.
- Presintaasje Frysk Hânwurdboek (FA), 19 jann. (Hiemstra)
- Wurkgroep 'Kartografy', 29 jann. (Hiemstra)
- Wurkgroep Logopedy & Frysk (FA), 15 april (Hiemstra)
- Utrikking Fryske Reklamepriis, 20 april, Ljouwert, *Tresoar* (Dykstra, Hiemstra)
- Oerlis mei Jan Oudeboon (âld-ynspekteur; no: ûnderwiiskundich meiwurker *Proloog*), Ljouwert, 22 april (Dykstra, Hiemstra, Valk)
- Presintaasje fan de 'Oanfalsgroep Frysk' foar de *Steatekommisje Boarger & Mienskip* oer de gearfetting fan de diskusje oer ús 'Oanfalsplan' op de Ekspertsmoeting (holden op 29 okt. 2008) en it jaan fan oansetten foar takomstich taalbelied, Ljouwert, Provinsjehûs, 6 maaie 2009 (Dykstra, Hiemstra, Valk)

- Oraasje 'Familie of zuil? Mobilisatiestrategieën in de Friese beweging en de toekomst van de frisistiek' (Akadeemjegebou, Grins), dr. Goffe Jensma, nije heechlearaar Fryske taal en letterkunde oan de universiteit te Grins, 26 maaie (Hiemstra)
- Oerlis mei T. Bottema (Provinsje Fryslân) oer de taak fan de Kommissje Hoekstra, Ljouwert, 3 july (Dykstra)
- Oerlis mei ynspekteur Guus Tekstra, Drachten, 7 july, (Dykstra, Hiemstra, Knotter)
- Routsjinst ferstjerren dr. Tony Feitsma, Grou, 14 aug. (Dykstra, Hiemstra)
- Gearkomste tariedingsgroep Kommissje Hoekstra, Dokkum, 25 aug. (Dykstra, Hiemstra)
- Gearkomste tarieding mefr. drs. Waanders (lid Kommissje Hoekstra), Gemeentehûs Dokkum, 22 okt. (Hiemstra)
- Gearkomste Stjoergroep Hoekstra, Dokkum, 15 okt. (Dykstra)
- Harksitting Stjoergroep Hoekstra, Ljouwert, 16 okt. (Dykstra)
- Gearkomste Ried fan de Fryske Beweging, Ljouwert, 29 okt. (Hiemstra, FFU/Fryske Rie)
- Gearkomste EBLT/EBLUL (Ned. Kommissje fan it *Europeesk Buro foar Lytse Talen*): 10 sept. (Gerbrandy)

2. Stúdzjedagen/konferinsjes/sympoasia

- 'Fierder mei Frysk, VI' fan de seksje Frysk fan Levende Talen, 2 april (Dykstra, Knotter, Hiemstra)

D. Brieven en oare stikken

Meast relevante brieven en oare stikken fan (útgien: 📧) en foar (ynkommen: 📧) de FFU.

Mei *(stjerke): oan te klikken op ús webstek

Utgien:

*06-05-2009 📧 *Provinsje (kommissje B en M): presintaasje wurkgroep 'Oanfalsplan Frysk'*

Presintaasje fan de wurkgroep 'Oanfalsplan Frysk' foar de Steatekommissje *Boarger & Mienskip* fan de 'Gearfetting fan de diskusje oer it Oanfalsplan Frysk & Oansetten foar takomstich taalbelied' mei in yndikaasje foar de kosten fan in takomstich *Sintrum foar de Fryske Taal en Kultuer*.

*18-05-2009 📧 *Provinsje (kommissje B & M): advys wurkgroep 'Oanfalsplan Frysk' prioritearring taalbelied*

Brief (advys) fan de wurkgroep 'Oanfalsplan Frysk' oan de Steatekommissje *Boarger & Mienskip* (B & M) oangeande in prioritearring fan aspekten fan it takomstige taalbelied. In swiere klam wurdt lein op it ta stân bringen fan in *Sintrum foar Fryske Taal en Kultuer*.

*24-08-2009 📧 *Twadde Keamer: te stadige tapassing Europeesk Hânfêst, Frysk yn it spesjaal en middelber beropsûnderwiis*

Brief fan de *FFU* oan de Twadde Keamer oer de te stadige tapassing fan it *Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden* en de needsaak om it Frysk as fak (leargebiet) en fier- of ynstruksjetaal te ferplichtsjen yn it spesjaal (fuortset) ûnderwiis (s[f]û) en it middelber beropsûnderwiis (mbû).

*16-10-2009 📧 *Stjoergroep Hoekstra: bydrage FFU oer it Frysk yn spesjaal ûnderwiis*

Bydrage fan de *FFU* op de harksitting fan de *Stjoergroep Hoekstra* (ynsprekker foarsitter Tom Dykstra), dy't in advys útbringe moat oan it Ryk om safolle mooglik foech op it mêd fan de Fryske taal nei de Provinsje Fryslân te desintralisearjen. De harksitting is holden op freed, 16 oktober 2009 yn it provinsjehûs

*19-11-2009 📧 *BvPF, Vrouwen van Nu: it brûken fan it Frysk yn offisjele gearkomsten en formele fermiddens*

Brief fan de *FFU* oan de leden en bestjoeren fan de ôfdielings en it bestjoer fan it *BvPF, Vrouwen van Nu* oer it sûnder dúdlike needsaak net brûken fan in Frysk yn harren offisjele gearkomsten en yn oare formele fermiddens.

***28-12-2009 🚩 KAG-FU: (1) fyzje op Frysk yn it fuortset ûnderwiis en (2) mear eineksamenkandidaten Frysk**

Brief fan de FFU oan de leden fan de *Koördinaasje- en Advysgroep Frysk* yn it *Fuortset Underwiis* (KAG-FU) mei as bylage ús ‘Oanfalsplan Frysk’. De KAG-FU wol yn jannewaris 2009 fierder neitinke oer in *fyzje* op it Frysk yn it fuortset ûnderwiis en it *fergrutsjen* fan it tal eineksamenkandidaten Frysk. De FFU bringt de KAG troch middel fan dat oanfalsplan (benammen haadstik I [fyzje] en II [ûnderwiis]) op de hichte mei de opfettings fan de FFU e.o. op dy fraachstikken.

Ynkommen:

***23-03-2009 🚩 Konsultatyf Orgaan Frysk: 10 advizen oan de minister fan Ynlânske Saken oer maatregels oangeande de Fryske taal en kultuer**

Brief mei bylage fan it *Konsultatyf Orgaan Frysk* oan minister Ter Horst fan Ynlânske Saken oer wat der de kommende twa jier ferbettere wurde moat op it stik fan de Fryske taal en kultuer. Yn acht punten wurde de winsken en ferletten fan de Fryske befolking werjûn.

***06-05-2009 🚩 Steatekommisje Boarger & Mienskip: Notysje ‘Oanfalsplan Frysk’ oer ‘Gearfetting fan de diskusje oer it ‘Oanfalsplan Frysk’ en ‘Oansetten foar takomstich taalbelied’**

Ferslach fan de gearkomste fan de *Steatekommisje Boarger en Mienskip* (6 maaie 2009) oer de ‘**Gearfetting fan de diskusje oer it ‘Oanfalsplan Frysk’ en ‘Oansetten foar takomstich taalbelied’** (Ekspertmoeting 29 okt. '08) fan de FFU (e.o.).

***26-05-2009 🚩 Minister fan Ynlânske Saken: Ynstellingsbeslút Stjoergroep desintraalisaasje Fryske taal nei de provinsje ta**

Op 4 juny 2008 hawwe it kabinet en it *Ynterprovinsjaal Oerlis* (bekend as: IPO) oerienstimming berikt oer it *Bestjoersakkoart Ryk-provinsje 2008-2011*. Dêr binne ek ôfspraken yn makke om te kommen ta konkrete útstellen foar in gearhingjende desintraalisaasje en koördinaasje fan taken dy't mei de Fryske taal ferbân hâlde. Op grûn fan dy ôfspraak wolle kabinet en de provinsje Fryslân der op ta om dêr fierder ynhâld oan te jaan troch it ynstellen fan in tydlike stjoergroep dy't foar 1 jannewaris 2010 mei konkrete útstellen fan datoangeande komme moat.

De stjoergroep hat as opdracht om te kommen mei konkrete útstellen foar desintraalisaasje fan it ryksbelied oangeande de Fryske taal. Yn dat ferbân sil de gearhing tusken beliedsromte en finansjele ferantwurdlikens útdruklik in punt fan omtinken wêze. Dêrby wurdt ek ûndersocht, oft en, sa ja, op hokfoar wize oft – fia de oanbelangjende útstellen ta desintraalisaasje – in oare ynfolling jûn wurde kin oan de koördinaasje fan taken op it stik fan de Fryske taal.

De gearstalling fan de stjoergroep is yn goed oerlis tusken de oanbelangjende ministearjes en de provinsje Fryslân ta stân kommen. By de gearstalling is sjoen nei in lykwichtige sprieding fan saakkundigens op it mêd fan desintraalisaasje, fan ûnderwiis en ûnderwiisrjocht, fan bestjoerlike ynbêding op desintraal nivo en fan de Fryske taal en kultuer. Yn dat ferbân is ek rekken holden mei de ferdrachferplichtings dy't Nederlân yn it ramt fan de *Ried fan Europa* op him nommen hat as it giet om de Friezen en harren taal en kultuer. De stjoergroep kin foar syn gearkomsten eksterne saakkundigen útnoegje. De stjoergroep hat in ûnôfhinklik skriuwerskip ta syn foldwaan.

De stjoergroep sil de Minister fan Ynlânske Saken advisearje hoe't de taken, foech en ferantwurdlikheden op it mêd fan it Frysk it bêste (al of net) desintraalisearre wurde kinne fan Ryk nei de Provinsje. De stjoergroep sil him yn earste ynstânsje beheine ta de domeinen ûnderwiis en media en de oanbefelling dwaan om foar de oare beliedsdomeinen noch in aparte advyskommisje yn te stellen nei 1 jannewaris 2010.

Leden:

- De foarsitter, de hear mr. R.J. Hoekstra, komt oarspronklik út Dokkum en is âld-sekretaris-generaal fan ministearje fan Algemiene Saken en tsjintwurdich lid fan de *Ried fan Steat* (Raad van State).

- Mefrou drs. M.J. Sanders-ten Holte is âld-steatelid yn Gelderlân, âld-Euoparlemintariër en lid fan it Committee of Experts fan de Ried fan Europa dat hifke hat hoe't Nederlân ynfolling jûn hat (en noch jout) oan de ûnderskreaune en ratifisearre bepalings fan it *Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden* (foardroegen troch de provinsje).
- De hear prof. dr. J. de Ridder is heechlearaar bestjoerskunde oan de RUG yn Grins.
- Mefr. drs. M.C.M. Waanders is âld-wethâlder fan Ljouwert en boargemaster fan Dongeradiel (foardroegen troch de provinsje).
- De hear prof. mr. P.J.J. Zoontjes is bysûnder heechlearaar ûnderwiisrjocht oan de Universiteit fan Tilboarch en lid fan de *Onderwijsraad*.
- De hear drs. R. Bagchus is plakferfangend direkteur fan de direksje Primêr Underwiis, ministearje fan UKW.

***18-08-2009 🇳🇱 Provinsje Fryslân: brief oer takomstich taalbelied en in ferdielplan taalnoata en evaluaasje 2008**

Brief fan de Provinsje Fryslân oer it ferfolch fan ús eigen 'Notysje oanfalsplan Frysk en oansetten foar takomstich belied' (sjoch ek by: *brieven útgien*, 18-05-2009) dy't op 6 maaie 2009 yn de kommisje Boarger en Mienskip op it rabat west hat. Yn it brief wurdt in provinsjale notysje oankundige (per 1 juny 2010) oer de *útfiering* fan it taalbelied op de meast effektive en effisjinte wize mei dêrby in beskriuwing fan in takomstich *Sintrum foar de Fryske Taal en Kultuer*. Oan it brief fan de provinsje is in *Ferdielplan taalnota en evaluaasje 2008* taheakke dy't yn Provinsjale Steaten fan 31 maart 2009 fêststeld is.

***11-09-2009 🇳🇱 OCW: Reaksje OCW op it FFU-brief fan 24 aug. 2009 oan de Twadde Keamer oer it (net) tapassen fan it Europeesk Hânfêst troch it Ryk**

Tasein wurdt: "In de vergadering [van 10 sept. 2009] heeft de commissie besloten de staatssecretaris van Onderwijs, Cultuur en Wetenschap een reactie te vragen op uw brief. De commissie zal deze reactie na ontvangst aan u toesturen. Dan zal zij u ook laten weten of zij nog nadere stappen wil ondernemen en zo ja, welke." Wy binne benijd.

Us brief is ek ta kundskip brocht oan de leden fan Provinsjale Steaten en wurdt pleatst op de list fan ynkommen stikken fan de Steategearkomste fan 4 nov. 2009 (sjoch hjirûnder ek by ynkommen brieven 2/18-09-2009).

***2/18-09-2009 🇳🇱 Twadde Keamer en Provinsjale Steaten: reaksjes op it FFU-brief fan 24 aug. 2009 oan de Twadde Keamer oer it (net foldwaande) tapassen fan it Europeesk Hânfêst troch it Ryk**

E. Publisiteit

*Oan te klikken op ús webstek. In stikmannich artikels en/of aktiviteiten fan FFU-bestjoersleden dy't pleatst binne of omtinken krige hawwe yn guon media. It is foar ús net altiten goed nei te gean oft en hoe't der publisiteit jûn is oan ús krewearjen fia oare media (bgl. *Omrop Fryslân* of it ynternet).

Swingel

- *nû. 23, 2009 (s. 14-17): in artikel fan Sytze T. Hiemstra mei as titel 'Het is de economie, gekkie ...' oer it 'Oanfalsplan Frysk' fan de FFU (e.o.) en it grutte belang fan in fersterking fan in ekonomyske basis fan it Frysk foar de Fryske taalpolityk.

- *nû. 23, 2009 (s. 11-13): in artikel fan Tom Dykstra mei as titel 'Underwiis yn it Frysk: in Fryske Underwiispriis?' oer de winsklikens om in Fryske ûnderwiispriis yn te stellen.

- *nû. 24, 2009 (s. 22-23): in skriftlik advys mei *taalbeliedsprioriteiten* fan de opstellers fan it 'Oanfalsplan Frysk' (FFU e.o.) ornearre foar de leden fan de Steatekommisje *Boarger & Mienskip* fan Provinsjale Steaten. Dy prioriteiten lizze by (1) it oprjochtsjen fan in *Sintrum foar Fryske Taal en Kultuer*; (2) it *foar- en bûtenskoalsk* ûnderrjocht, de *trochgeande line* fan it Frysk as fak en as fier- en ynstruksjetaal yn it ûnderwiis,

in ferplichting fan it Frysk yn it *spesjaal (fuortset) ûnderwiis* en it *mbû*, it Frysk as *ferplichte eksamenfak* foar learlingen út Fryslân as it Hollânsk ek in ferplichte eksamenfak is; (3) in *propaganda-offinsyf* yn de media om it Frysk te befoarderjen; *televyzjeprogramma's oer it ferbrekgedrach fan bern* en sjen litte hoe't it oars en better kin; it geregeld jaan fan ynformaasje en wichtich nijs út oare *minderheidsgebieten*.

- *nû. 25, 2009 (s. 7-8), artikel fan Sytze T. Hiemstra mei as kop 'Fatsoenlik of krûperich?' oer it ferbrekgedrach fan Frysktaligen yn de lieding fan it bûn fan plattelânsfroulju *Vrouwen van Nu*. In foarsitter hat in foarbyldfunksje en beskiedt (mei) it taalgebrûk fan oaren yn offisjele gearkomsten en formele fermiddens. Wy steane yn in *FFU*-brief oan op it opstellen fan in taalbeliedsplan en/of in taalstatút dat folslein rjocht docht oan it Frysk, de twadde rykstaal fan it lân en de earste taal fan ús provinsje.

- *nû. 25, 2009 (s. 10), artikel fan Sytze T. Hiemstra mei as kop 'Wurdt it noch wat?' oer in *FFU*-brief (fan 24 aug. 2009) oan de leden fan de Twadde Keamer. Dêryn wurdt ús grutte soarch útsprutsen oer de (te) stadige gong fan saken as it om beslútfoarming oer it belied oangeande de Fryske taal giet. Dat rekket ek en benammen it ûnderwiis yn it fak en de fier-/ynstruksjetaal Frysk, bgl. in needsaaklike ferplichting fan it Frysk yn it spesjaal (fuortset) ûnderwiis en it middelber beropsûnderwiis.

Leeuwarder Courant

- *14-03-2009: krantestikje ûnder de kop 'Dwang blijft nodig bij stimuleren Friese taal' (s. 9) oer it tekoartsjitten fan it jin beheinen ta ferliedingsaksjes, lykas de provinsje bygelyks wol, om it brûken fan it Frysk te stimulearjen. De krytyk dy't guon lju hawwe op it *Oanfalsplan Frysk* fan de *FFU* (e.o.) is dat der net tefolle twang fan boppe-ôf komme moat. De opstellers fan it plan wolle beide: "Fan ûnderen op troch te ferlieden. Fan boppen ôf troch maatregels, oarderings en subsydzjebetingsten." Sûnder wetten en regels kin de ûngelikensens tusken it Frysk en it Hollânsk net oplost wurde. De *FFU* en oaren trune der by de Provinsje op oan om in *Sintrum foar Fryske Taal en Kultuer* op te rjochtsjen, te ferlykjen mei de *Welsh Language Board*.

- *20-03-2009: krantestikje ûnder de kop 'Provincie wil Fries Marktplaats vertalen' (s. 11) oer it foarnimmen fan de *Ried fan de Fryske Beweging* om mei it *Konsultatyf Orgaan* en diskriminaasjemeldpunt *Tâmba* nei de Ombudsman of de rjochter te stappen as *Marktplaats* trochgiet mei it wegerjen fan Frysktalige advertinsjes. De *Ried* wol sels ek besykje om heger op it ynternet te skoaren by sykmasinen as Google troch de eigen oansletten organisaasjes in webstek oan te bieden. De *Feriening Frysk Underwiis* en oare oansletten organisaasje soene dan op harren webstek hieltiten nei de *Ried* ferwize moatte. De *FFU* docht dat ek, wylst de *Ried* op syn webstee nei de *FFU* ferwiist.

- *22-05-2009: kollum fan Pieter de Groot ('Dwers') ûnder de kop 'Gjin sifers, mar gesichten' oer it sukses fan de trijetalige skoalle en de hâlding foar it belang fan it Frysk oer. De Groot achtet de oprop fan de *Feriening Frysk Underwiis* (*FFU*) om in Fryske ûnderwiispriis yn te stellen in treflik idee as der ek rekken holden wurdt mei wat de opbringst ('output') is fan de skoallen op it stik fan it Frysk.

- *14-05-2009: Der is no in *oanfalsplan Frysk* (fan de *Feriening Frysk Underwiis* e.o.) en dat is in goed ding, seit Jan de Jong út Zweeloo yn in ynstjoerd stikje. Der moat better foar it behâld fan ús taal striden wurde. It Fryske is in estetyske taal, dy't jin hâldfêst en in identiteit jout yn in ûnwisse en gaoatyske wrâld.

- *24-08-2009: krantestikje ûnder de kop "'Feriening' wil haast met Fries in onderwijs" (s. 9) oer in brief fan de *FFU* oan de Twadde Keamer mei de winsk fan de *FFU* dat it Ryk no ris faasje makket om it Frysk yn it ûnderwiis (tige) te fersterkjen. Der moat sa gau mooglik in wetlike ferplichting komme foar it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis. It Frysk moat njonken it Nederlânsk en it Ingelsk in fêst plak krije yn it middelber beropsûnderwiis. It Ryk hoecht dêrfoar net te wachtsjen op de advizen fan de stjoergroep Hoekstra (foechoerdracht nei de Provinsje)

Friesch Dagblad

- *22-08-2009: krantestikje ûnder de kop: 'Friese organisaties eisen antwoord vanuit Den Haag' (s. 21) oer de eask oan de Twadde Keamer om no gau in antwurd te jaan op in *FFU*-brief fan 15 sept. 2008 dêr't yn oanstien wurdt op in korrekte en in fluggere tapassing fan it *Europeesk Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen*.

F. Webstek FFU

Wy binne mei ús eigen stee op it wrâldwide net út ein set op 1 jannewaris 2005 en kinne dêr sa njonkelytsen alderlei saken op kwyt dy't wy fan belang achtsje foar de (oerdracht) fan de Fryske taal, kultuer en skiednis yn en ek bûten it ûnderwiis. Untjouwings yn oare maatskiplike domeinen as it ûnderwiis binne (ommers) fan grut belang foar it plak en de betsjutting fan it Frysk binnen it ûnderwiis, omdat de skoalle de tekoarten yn de maatskippij net samar ferhelpe (kompensearje) kin. It tal 'pageviews' wie 1692 oan de ein fan 2005 en 3134 oan de ein fan 2006. Ein 2007 wie dat: 4378, ein 2008: 5437. Ein 2009: 6335 (Ned.: 95.5%; FS: 1,4%; Dsl.: 1.3%, ferskate oare lannen ûnder de 1%). Sytze T. Hiemstra riedt sûnt 2005 foar de ynhâld en Sytze J. Hiemstra dat dy op ús webstee komt.

G. Foarútsjoch

Om it ûnderwiis yn it Frysk goed hifkje te kinnen, sille der gâns (nije) toetsingsmiddels foar de Fryske taal en kultuer ûntwikkele wurde moatte, om de foarderings fan en trochgeande linen by de learlingen objektyf, betrouber en falide mei fêststelle te kinnen. Wy sille dêr yn 2010 fannijs op hammerje en dêr kontakt oer sykje mei de Fryske Akademy en oaren.

Op termyn wolle wy ta op in ferplichting fan it Frysk yn de *middelber beropsûnderwiis*. Dêr sil dan ek in wurdearringsramt foar ûntwikkele wurde moatte. Wy sille ús dêr sterk foar meitsje.

Noch altiten is it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer by it *spesjaal* (fuortset) ûnderwiis net oanpakt troch de Provinsje en it Ryk. De kwestje sleept al desennia. Wy hâlde oan as storein om dat te ferhelpen. Dat jildt út soarte ek foar de oare aksjepunten dy't hjirboppe neamd wurde.

Wy binne benijd wat der yn 2010 út de *Kommisje Hoekstra* komme sil. Wy rekkenje op in formeel foechoerdracht fan Ryk nei de Provinsje en de needsaaklike jildmiddels dy't dêrby hearre. Yn dat gefal sille wy ús (noch) faker rjochtsje moatte ta de Provinsje om ús ûnderwiiswinsken op it rabat te bringen.

Lykas yn de ynliding sein, is der yn it ôfrûne jier wer gâns wurk ferset troch in navenant lyts tal minken. It *FFU*-bestjoer sil him mei gauwens ferbreedzje en ferdjipje moatte, oars is it te kwetsber. Us oprop om stipe of help (mei sinten of minskkrêft) bliuwt dus stiif oereinstean.

It bestjoer

